

**FERSLACH FAN DE LEDENGEARCOMSTE FAN TONIELFERIENING FORDIVEDAESJE
14 MAART 2018, 20.00 UUR YN IT HARSPIT TE TOPPENHUZEN.**

WURKLIST

1. Wolkom en meidielings

Jacoba sit foar en hjit eltsenien fan herte wolkom

In sit mei yn totaal 10 persoanen, fjouwer bestjoersleden en 6 leden; Johanna de Vries, Pier Visser, Hans Bergsma, Sieger Dijkstra, Tjitte Hoekstra en Geartsje Hoekstra.

Der binne 5 ôfmeldings binnen kommen; Kees van Stralen, Doetie Schriemer, Elja vd Meer, Janna Riphagen en Louis van Breeden

Meidielings

Sjoen it positive finansjele resultaat en troch dat we 2x kear it maart stik sjitte litten ha, ha we beslúten yn it jier 2017-2018 gjin kontribusje jilden te ynkassearjen.

2. Ynkommen stikken - gjin

3. Ferslach lêste ledegearkomste en jierferslach 2016

De notulen, foarlêzen troch Mirjam vd Meer, wurde op ien punt nei oannommen en fêststeld.

Pier Visser jout oan dat er de ferlotting út de hoed bedoelt, net de hiele ferlotting. Dit wurdt oanpast.

It jierferslach wurdt foarlêzen troch Hedwig Hijlkema. Gjin opmerkings en goedkeurt.

4. Ferslach skathâlder

We ha in grut positief resultaat yn 2016/2017. Dit hat er mei te krijen dat we de kontribusje jilden fan it foariche jier nei de ledegearkomste ynkasseare ha. It jout dus in bytsje in fertekent bield. Ek ha we yn maart gjin stik opfiert. Al mei al in goed resultaat. De binne inkele foutsjes yn data, die wurde oanpast.

Ut de sifers fan 2017/2018 blykt in hiel dik resultaat. We ha foar it iepenloftstik in soad by elkoar skarrelje kinnen, faaks fergees as tsjin in lytse fergoeding. Ek de technyk post is folle leger útfallen dan ferwachte. It jild dat no ta ús beskikking is kinne we brûke foar o.a. workshops, betelle rezjy, dekorstikken utwreidsje en nei dizze tiid meitsje en fêste ferjochting op it podium?

5. Kaskommissje

- It ferslach fan de kaskommissje, besteande út Johanna de Vries en Geartsje Hoekstra, wurdt goedkeurt.

Op in pear sinten nei sjocht alles der prima út!

Tjitte Hoekstra wurd nei lid foar 2019, Johanna giet der út. Tige tank foar jim ynset!

SKOFT ynstee fan deadskestjes ha we in âlderwetske sjerpkoek op tafel

6. Bestjoerssaken

Oftredend is Hedwig Hijlkema. We kinne Hedwig as in kordaat persoan en altyd sa fan 'oh, dat doe ik wel even'. Se stelt nea wat út en hat faaks de krûmels dy at in oar lizze lit oprêden. We gean har ynset, nei seis jier bestjoerslid missen.

Ek Tjitte Hoekstra is ôftredend. Nei acht jier bestjoerslid jout er it stokje oer. Tjitte hat wol yn de tariedings fan it iepenloftspul in rol spyle, mar hat it spitichgenôch net trochsette kinnen. Jacobe beneamt dat it oan de iene kant eins jammer is dast net de striid yn hannen hâlde koest, it hie in moai hichtepunt wêze kinnen. Mar oan de oare kant hie it dien sûnens net goed dien. Beide tige tank foar jim ynset de lêste jieren. Se krije in presintsje fan Jacoba mei nei hûs.

Kandidaat is Louis van Breeden, hy wurdt oannommen troch de fergadering. Wolkom Louis!

We ha noch steeds ferlet fan ien as twa bestjoersleden. It soe moai wêze at we gau kandidaten fine.

Pier Visser jout oan dat er it nei de simmer, sis mar septimber, mear oan tiid hat om oan te slúten. Hy is no noch drok mei de stúdsje. We sille tsjin die tiid Pier wer ris benaderje. Moai Pier!

7. De Striid

It ferslach wurdt foarlêzen troch Mirjam van der Meer. Gjin opmerkings en goedkeurt. It sal op de webside pleatst wurde.

8. Plannen kommende winterskoft

- Yn novimber spylje we it stik De laits fan Izebait. In stik út twa bedriuwen. It is in nijmoaderich sprookje mei in stikmannich leuke en útwriekse karakters. In stik foar sawol jeugd as folwoeksen spilers.

- Yn maart geane we op'e nij foar it stik de Bloody Mary. Soe it dizze kear wol slachje? Dit stik stie nammentlik al twa kear hearder op it programma.

We gean as bestjoer oan de slach mei de opmerking fan Hans, in technyske kommisje oprjochtsje.

9. Omfraach

- Hans Bergsma jout oan dat it aktueel hâlden fan de webside mear foarm ha moat. Der wurdt te min gebrûk fan makke. Ek foar oankondigings foar de stikken. As twadde freget er at de film fan de Striid ek op youtube komt. Dit is seker it gefal, mar we wolle earst it filmwykein ôfwachtsje. Der is al ris oppere om de film op dvd út te jaan. We moatte efkes ynformearre at der belangstelling foar is en ynfentarisearje wa at der ien ha wol. Hans seit ús it brânden fan de dvd wol op sich nimmen te wollen, super!

- Sieger jout oan dat de film net op de agenda fan t&tonline stiet. Ek op de ynformaasjeboarden bûten it doarp stean twa data yn pleats fan ien. Yn juni komt der yn it kader fan kulturele haadstêd 2018 in ponton mei in toanielfoarstelling by it Hart van Friesland te lizzen. Der wurde san 200-300 minsken ferwachte. Kafee de Buorren hat dyselde jûn musyk en it soe elkoar misskien byte kinne. As feriening ha wy hjir neat mei fan dwaan dus kinne we der eins neat oer sizze. Elts kin op eigen gelegenheid nei wat foar stik dan ek yn de provinsje. Sieger wit genôch

10. Slúting

Jacoba slút om 21.44 oere de fergadering en winsket eltsenien noch in noflike jûn.

Maart 2018

Skriuwster Mirjam van der Meer